

## Folymais net egaal troch delslach

In soad maisperselen stean dit jier matich. Ek folymais hat dêr lêst fan. Ferskillende fan dy perselen groeie dit jier net egaal. It docht bliken dat it gewicht fan 'e masine en de tsjildruk fan 'e trekker te swier binne yn kombinaasje mei in soad delslach.

Op 'e swierdere klaaigrûnen stiet de teelt meast goed, mar benammen op 'e lichtere grûnen groeie de planten net egaal. In weromkommend byld is neffens projektbegeleider Hein-Willem Leeraar fan 'e folymais dat rigels dy't yn 'e midden siedde binne, goed stean en de bûtenrigels in stik minder.

De folymasine is foarsjoen fan in oandrukrol om it focht better fêst te hâlden ûnder de foly. De trekkerbannen soargje troch de fochtige ûndergrûn foar ekstra fertichting. Yn 'normale' jierren hoecht dat net echt swierrichheden te jaan, mar no't it yn maaie en juny folle mear reind hat as oare jierren, docht bliken dat de grûn ticht sit. Dêrtroch wol it wetter net goed genôch fuortfloie.

Om dat probleem takom jier better foar te wêzen, wurde de masines foar takom seizoen oanpast. Foar de siedkouter komt in saneamde guozzefoet. Dy woelet de grûn, nei't it trekkertsjil deroerhinne riden is, wer wat lossier.

---

### Folymais niet egaal door neerslag

Veel maispercelen staan dit jaar matig. Ook folymais heeft daar last van. Verschillende van die percelen groeien dit jaar niet egaal.

Het gewicht van de machine en de wioldruk van de trekker blijken in combinatie met veel neerslag te zwaar.

Op de zwaardere kleigronden staat de teelt veelal goed, maar vooral op de lichtere gronden groeien de planten niet egaal. Een terugkomend beeld is volgens projectbegeleider Hein-Willem Leeraar van de folymais dat rijen die in het midden gezaaid zijn, goed staan en de buitenrijen een stuk minder.

De folymachine is uitgerust met een aandrukrol om het vocht beter vast te houden onder de folie. De trekkerbanden zorgen door de vochtige ondergrond

voor extra verdichting. In 'normale' jaren hoeft dat niet echt problemen te geven, maar nu het in mei en juni veel meer heeft geregend dan andere jaren, blijkt de grond hierdoor te dicht te zitten en wil het water niet goed genoeg weglopen.

Om dit probleem volgend jaar beter voor te zijn, worden de machines voor volgend seizoen aangepast. Voor de zaatkouter komt een zogenoemde ganzenvoet. Die woelt de grond, nadat het trekkertjil er overheen is gereden, weer iets lossier.